

Fertel ris, weromblik earste etappe karavaan oan 'e hân fan ferhalen fan ynwenners

Lês hjir in weromsjen op de earste etappe fan de Karavaan van de Vriendschap op 10 septimber yn de gemeente Noardeast-Fryslân. Mei Simon Vuyk op de bakfyts en de freonen fan de Karavaan van de Vriendschap der efteroan op de fyts troch Fryslân.

De earste etappe yn 2021 fan de Karavaan van de Vriendschap wurdt op 10 septimber fytst yn de gemeente Noardeast-Fryslân. Inisjatyfnimmer Simon Vuyk op de bakfyts begjint syn tocht mei de karavaan – dizze kear mei dûnseressen Colinda en Annalies, muzikant Bruno, freon Piter en in ferhalefisker fan de Afûk – by Wensoarchsintrum Foswert yn Ferwert. Yn de bakfyts lizze ûnder oaren 200 haakte blomkes fan freonskip. Om wei te jaan, oan elkenien dy't wat omtinken brûke kin!

Ferwert

Yn Ferwert wurde de bewenners fan Foswert yn de tûn tasongen troch de trûbadoer en tasprutsen troch Simon. De bern fan de basisskoalle komme by Foswert del as ûnderdiel fan de speurtocht, want it is feest yn Foswert! Nettsjinsteande de maatregels fanwegen koroana meie grut en lyts inoar wer moetsje.

Troch lieten en dûns wurdt besocht wat wille by de minsken te bringen. Guon steane op it balkon, guon swaaije mei in pop of plusen bist fan achter it raam. In tal bewenners sit de Karavaan al op te wachtsjen yn de kofjeseal.

Op it yndustryterrein stekke wy oan by Hans Jouta, byldzjend keunstner, mei in moai ferhaal oer syn sportheld en fuotballer Johan Crujff.

Hegebeintum

Yn Hegebeintum wurdt de Karavaan opwachte troch in ôffurdiging fan Doarpsbelang. De meiwurkers fan it besikerssintrum hearre in persoanlik ferhaal ferteld troch Simon oer de freonskip mei syn heit yn de tsjerke fan Hegebeintum.

Underweis stekt de Karavaan oan by in adres oan 'e dyk. De frou hat krekt har man ferlern en Simon en Bruno sjonge in lyts lietsje en litte in blomke fan freonskip achter.

Fia Ginum, Reitsum en Lichtaard nei Raard

Jouke Douwe de Vries, wethâlder Soarch en Wolwêzen fan de gemeente Noardeast-Fryslân, sjongt twatalich (Biltsk en Staversk) mei Bruno Rummler it Freonskipsliet fan de Karavaan van de Vriendschap op de wize fan [Happy Together fan The Turtles](#). Mar de wethâlder is hjir net allinne foar in liet, hy tekenet ek it Pakt fan de Freonskip út namme fan it kolleezje fan B&W fan de gemeente Noardeast-Fryslân.

Fierder op de fyts nei Dokkum

Om healwei fjouweren arrivearret de Karavaan van de Vriendschap oan de Vleesmarkt yn Dokkum. Dêr leit it skûtsje klear dêr't de optredens plakfine sille. Der wurde gedichten foardroegen oer freonskip, en der wurdt oer freonskip praat en songen. Nijsgjirrige Dokkumers bliuwe stean, harkje en dynje en sjonge mei. Einliks, nei in lange koroanatiid, wer mei syn allen. Mei syn allen de ferbining sykje!

